

RINK VAN DER VELDE

# Pake Sytse

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân,  
Pilat famylje, Gemeente Smellingerlân en Stifting FLMD.

Earste printinge 1975

Sechsde wersjoene printinge 1996

Njoggende printinge 2024

© 1996 Rink van der Velde

© 2024 útjouwerij Bornmeer | erven Rink van der Velde

Omslachbyld: akwarel Aukje Pilat

Foarmjouwing omslach: Barbara Jonkers

Foarmjouwing binnenwurk: Robert Seton

ISBN 978 94 6471 214 8

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige  
en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of  
op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet  
fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân  
– info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

[www.bornmeer.nl](http://www.bornmeer.nl)



## HAADSTIK

- 1 -

**D**it is de histoarje fan Sytse Cavalier, de man dy't syn natuer folge en waans libben dêrom wat oars ferrûn is as dat fan de measten fan ús. Dizze Sytse Cavalier is tafallich myn pake, dat ik kin út de earste hân oer him ferhelje.

Pake Sytse wie omtrint njoggentjin doe't beppe Geeske, dy't hast twa jier jonger wie, him oansei dat hja trouwe moasten. 'Fanke, dat kin neat wurde,' sei pake.

Hy gyng nei Dútslân ta dêr't er mear as in jier yn de minen wurke ear't er werom kaam. Doe seach er beppe en de lytse Japik. It jonkje wie him út 'e bek snien en dat moat pake oangrypt ha.

'Gees, wy geane moarn nei it gemeentehûs,' sei pake.

Dat dienen hja en krapoan fiif jier letter wienen der fjouwer bern en hienen der fiif wêze kind.

In wylde bruier, dy Sytse Cavalier? In ûnferstân? Ho even, der komt noch mear.

Om 1930 hinne, it hat yn alle gefallen yn de maaie-moanne west, is pake moarns it hûs út stapt. Op it hiem dêr't de lytse bern omboarten, streake hy it âldste jonkje oer 't hier.

'Sil er goed op mem passe, leave?' frege pake.

'Ja, heit,' sei de lytse Japik dy't sa op him like.

Doe is pake de streek út kuiere, de kant út fan de Gerdyk en hy hat der net wer west.

Pake is jong weirekke, sa waard letter sein as it te praat kaam en wy ús mem of beppe fregen wêrom't der net in pake by ús beppe wie. De rike Fryske taal stelde harren yn steat om de wierheid achter te hâlden sûnder dat men it ligen neame koe. Pake wie wei woarn en dat soe sa bleaun wêze as er fiifenfjirtich jier letter net opnij syn natuer folge hie en werom kommen wie. Sa sîn as in fisk stied er ynienen foar ús en die lykas hied er noait fuort west. In nuver spul fansels en nefens my nijsgjirrich genôch om op te skriuwen. Dêr't ik dan mar daliks mei begjinne sil.

Wy sieten de jûns nei it politike aktualiteitprogramma op de telefyzje te sjen. Der wie krekt wer in wrâldkrisis oan 'e gong. In grutten-ien, as it my net mist, de atoombom koe hast falle en dat wolle jo fansels wol even sjen. De telefoan helle my der lykwols by wei. It wie muoike Gryt fan de Gerdyk.

'Jehannes, no moatst goed harkje,' rôp se, 'want ik ha in nuver boadskip. Meine is net thús, hy sit yn Ljouwert yn in fergadering en ik wit net iens wêr, dat no belje ik dy mar, want do sitst der it tichtste by. Want it is op 'e Tynje by in Jan Huitema, witsto wêr't dat is? Op 'e hoeke dêr't eartiids de brêge wie, mar dat wie foar dyn tiid fansels. No ja, dat kin ek neat skele, mar dêr sit in man en dit is in nuver spul en ik wit net hoe't ik hjir mei oan moat, mar dy man seit dat er Sytse Cavalier is en hy freget nei jim omke Japik en nei Luts en Meine en nei jim mem. Dat seit Huitema teminsten, want dy hat my der niis oer belle. Jehannes, dit is sa'n fremd spul en ik bin der heulendal oeral fan, want Meine is der net en dêrom belje ik dy mar. Mar hasto wol ris heard dat der wat mei jim pake west hat? Jawol, no? Der stiet my teminsten by dat

wy it der ris oer hân ha doe't wy te jierdei fieren wienen by jim mem. Jim mem hat it der yn elk gefal wol ris oer hân, mar Meine hat my noait wat ferteld en ik ha wol ris tsjin him sein dat ik soks nuver fyn. Want foardat ik mei him troude, hied er my dat fertelle moatten, fyn ik. No ja, dat kin op dit stuit ek neat skele, mar Huitema en dat is dus dy kafeehâlder op 'e Tynje, dy seit dus no dat dy man him Sytse Cavalier neamt en dat moat dan jim pake wêze. It liket my sterk, mar Huitema seit dat er alle bern opneame kin. Dat seit fansels neat en do moatst der wol om tinke dat der hjoed de dei in soad frjemd folk by de wei is en se witte net wat se útfine sille om de minsken ôf te setten. Fan 'e wike hienen wy sigeuners yn 'e winkel en dy soenen it wer besykje. Mar ik hie se daliks yn 'e gaten. No ja, ik woe mar sizze, jo witte it noait. Mar is it net sa dat jim pake op in dei fuortgien is en dat se him noait wer sjoen ha? Dat er syn húshâlding gewoan sitte litten hat? Is 't net ferskrlik? En dat dy man der no wer wêze soe, dat kin ik my net begripe. Hoelang is dat al lyn? Meine hat der noait oer prate wold en dat fyn ik dus net goed fan him, mar ik ha begrepen dat dy pake in mâlen-ien wie. Of witsto dêr neat fan? Mar stel no dat it him is? Dat dy pake werom kaam is? Ik leau it eins net, mar der sitte fansels rare oanslaggen yn guon fan jim, de Cavaliers bedoel ik. Yn Meine net, hear, dêr ha 'k teminsten noait wat fan fernaam. Mar sjoch no ris nei Gerlof fan jim omke Japik. En dan ús eigen Sip, ik bin sa bang dat ús Sip der wat fan meikrigen hat. Jehannes, ik sit der sa ôfgryslk oer yn en...'

Wel, sa gyng dat noch in heul skoft troch, mar dit wie dus it earste berjocht oer in mooglike comeback fan pake Sytse. Muoike stelde dyselde jûns it heule famylje-apparaat yn

wurking en dat wie net in bytsje, want benammen de froulju kinne it o sa pratende hâlde. Omke Japik skille neitiid en gnoarre dat er tenearsten elkenien in sprekferbod oplein hie. Hy soe as âldste in ûndersyk ynstelle en nimmen mocht him der yn ôfwachting fan de útslach mei dwaande hâlde. Hy hie begrepen dat ik yntusken de kastlein op 'e Tynje skille hie omdat ik kunde hie oan dy man. Hy soe by my lâns ride, dan koenen wy der tegearre op ôf.

‘Oer in kertier bin ik by dy,’ sei er.

Ik hie noch mar krekt oplein doe’t ús mem skille.

‘It sil him wol wêze, Jehannes,’ sei hja sljochtwei.

‘Hoe dat sa, mem, jo hawwe him ommers net sjoen?’

‘It hat my altiten bylein dat er werom komme soe,’ sei ús mem. ‘Ik ha noait leaud dat er ferstoarn wie, freegje Luts mar.’ Dat lêste koe tenearsten neat fan komme, want muoike Luts hâldt yn Amsterdam ta dêr’t hja fulltime foar it Leger des Heils yn ’t spier is.

Us mem is in nochter minske, sûnder frjemde opstigings, altiten like evenredich. Mar it is fansels in Cavalier.

‘Wy moatte him earst mar ris besjen,’ sei ik. ‘Hat er ek bysûndere kenmerken? Groeden yn ’t gesicht, brike skonken, read hier, in platte noas, grutte earen of sokssawat?’

It wie net bekend. Der wie gjin inkeld kykje fan pake en de measte bern hienen him amper kend.

Allinne omke Japik koe him as âldste miskien foar him krije. Omke Japik stode yn tweintich minuten fan Ljouwert nei myn thús yn Drachten. Dat kin yn in Citroën ID mei ynjeksjemotor. Hy ferkeapet boumaterialen en dêr skynt winst yn te sitten, al krimmenearret er omraak en stimt er al jierren op de VVD.

Yn syn auto sweefden wy yn acht minuten oer rykswei 43 nei de Tynje.

‘It moat in bytsje mei ferdrach,’ sei er ûnderweis. ‘Wat is it foar in man, dy kafeehâlder? Is ’t in âld Tynster?’

Dat wist ik net en doe sei omke de heule reis neat mear.

Wy holden foar it kafee en ik sei: ‘Wy kinne wol achterom, dan geane der gjin eagen oer.’

Dat like omke goed ta. Ik frege ek noch oft omke wist hoe’t pake derút seach.

Omke Japik gnoarre: ‘Hoe kin ik dat witte? Dy rotsak is út-naaid doe’t ik in jonkje fan in jier as seis, sân wie. Hy moat der net op rekkenje dat ik in poat foar him útstek. As ik myn sin doch dan set ik him yn ’e auto en bring him werom nei it plak dêr’t er weikaam is, al is ’t ek oan de oare kant fan de wrâld. Wat mankeart dy âlde doerak en kom werom, freegje ik dy. In gelok dat mem der net mear is.’

Ik kloppe oan de keukensdoar en frou Huitema liet ús deryn. Der sieten noch in pear bern, mar it kastleinske sei: ‘Bern, pak op, it is tiid om op bêd.’ Hja toande út harsels al begryp foar it delikate karakter fan ús besite. Fansels soe se der moarn wol foar soargje dat elkenien op ’e Tynje en de Gerdyk op ’e huchte rekke fan ús bjusterbaarlike famyljetrageedzje. Soks soe benammen ferfelend wêze foar omke Meine dy’t in winkel op ’e Gerdyk hat. Mar noch slimmer foar syn frou en myn muoike Gryt dy’t yn alle kristlike en maatskiplike deugden opbrocht is en al skande sprekt fan trouwe moatten, hokjen, streupen, drankmisbrûk, ûnhuer praat, geweldpleging en mear fan dat. Allegear eigenskippen dy’t oarspronklik yn de Cavaliers bebakt sitte, al binne se yn de tsjintwurdige gene-raasje net sa botte manifest mear.

Omke en ik kipen troch it bopperútsje fan de kafeedoar en seagen in man as fjouwer oan 'e taap sitten. Mar dêr wie pake Sytse net by. Dy siet oan it taffeltsje neist de yngong. It wie dêr frijwat tsjuster, mar wy seagen al dat it in âldman wie yn in wat aparte en yn elk gefal suterige útris.

'Is him dat?' frege omke.

'Hy sit by de doar,' sei frou Huitema.

It wie him dus.

Doe waard omke dochs even oars. Hy slokte muoisum en klaude him yn 't hier.

'Hoe moatte wy dit ha, Jehannes?'

Soks hie ik noch noait meimakke, dat omke jin wat frege.

'Sil ik myn man even roppe?' bea frou Huitema oan.

Se stie foar it oanrjocht by in panne gehakballen en fage alfêst de hannen oan 'e skelk ôf.

'Ik soe sizze, hearen, gean sitten, dan kinne jim earst mei myn man prate. De oaren ha der neat mei te krijen, is 't net sa?'

'Wolle jo my in buorrel meinimme, in âlden-ien? frege omke.

Wy joegen ús del.

'It paste my min, ik hie noch nei twa oannimmers ta wold,' sei omke neutraal.

Doe kaam Jan Huitema deryn.

'Hy sit hjir al fan seis oere ôf.'

'Wat hat er jo allegear frege?' sei omke saaklik.

'Net in soad. Hy hat in glês wetter hân, dêr frege er spesjaal om en doe in útsmiter mei in bak kofje. Ik fûn it daliks al in apart man, oan de klean te sjen.'

'Mar hoe kaam it te praat?'

Omke is sakeman, dat fernimme jo oan syn praat. Gjinn omballings, daliks op it doel ôf.



‘Hy hat my allinne frege oft hjir noch Cavaliers wennen. Doe neamde ik de namme fan Meine, want dêr komme wy wol ris yn ’e winkel. Dat is dochs jo omke?’

Hy seach nei my.

‘Jawis,’ sei ik.

‘En myn broer,’ sei omke.

‘Just. No, ik neamde dus de namme fan Meine Cavalier en doe sei er: dat sil op ien nei de jongste wêze. Ik sei: famylje fan jo? Doe sei er: dat is ien fan Gees en my. En hy woe witte oft der noch mear yn libben wienen. Dat wist ik fansels net, want ik kom hjir net wei. Mar myn frou hat hjir altiten wenne en dy ha ’k der doe by helle.’ Omke klaude him yn ’t hier.

‘Ik bin hjir al mear as tritich jier wei, ik ken gjin minske mear.’

Huitema sei: ‘Hy neamde se allegear op, ik ha in stikmenich nammen notearre.’

Hy taaste yn ’e bûse.

‘Hjir ha ’k it: Japik, Luts, Durkje en dan Meine fansels. Nefens myn frou kloppet it wol aardich.’

‘It kloppet,’ sei omke, ‘en fierder?’

‘Fierders net folle. Hy seit út himsels suver neat. Ik ha him freegje moatten wa’t er wie en doe krige ik pas te hearren dat er Sytse Cavalier hjitte en dat er troud west hie mei in Geeske Feikema. Neffens myn frou soe it wol kinne, al wit se it net krekt, want se is fansels in stik jonger. Mar Meine syn frou sei ek dat it wol wier wêze koe. Want dy ha ’k dus doe mar belle.’

‘Woe hy dat?’

‘De âldman, bedoele jo? Nee, dy hat it der net oer hân.’

‘Dus, hy hat jo net frege om ús te warskôgjen. Hat er ek sein wat er fan doel wie?’

‘Dat is ’t him krekt. Ik ha it him frege en hy sei dat er hjir even om him hinne sjen woe. Sa sei er it krekt, even om him hinne sjen. Mar hy bleau mar sitten en ik moat him aans al kwyt fansels. En omdat it in âldman is, tocht ik: ik moat de famylje mar even oproppe. Want ik fûn it in frjemd gefal.’

Dat wienen wy mei Huitema iens, mar omke Japik frege him no al ôf wat wy hjir eins dienen. As pake gjin ferlet fan ús hie, dan hie omke yn alle gefallen leaver syn saken ôfdien.

‘No ja,’ sei Huitema, ‘ik tocht dat jimme it wol witte woenen. As it jo heit is dan wolle jo soks dochs wol witte, soe ’k sizze. Ik ha der fansels neat mei te meitsjen, it is myn famylje net, mar ik moat him aans tsjin slutingstiid al kwyt. Ik kin him fansels gewoan de doar wize, mar...’

‘Ja ja,’ sei omke.

‘Dus hy wit ek net dat wy hjir sitte.’

‘Ik ha neat sein.’

Jan Huitema waard al wat wrantelich.

‘Ik ha myn plicht dien, jimme moatte der no fierders mei rêde. En oars set ik him der strak út.’

Ik sei doe mar gau dat er der goed oan dien hie en skilje ús, mar hy koe him miskien wol yntinke dat it foar ús in o sa ferlegene boel wie.

Soks begriep Jan Huitema skoan, sei er.

Mar hoe no fierder?

‘Wy moatte him hjir mar ha,’ sei omke. ‘En dan moat alder-earst bliken dwaan oft er it wol is.’

‘Hoe sil dat bliken dwaan? Wy witte neat oer him.’

‘Hy moat it mar bewize.’

In frjemde proseduere miskien, mar ik jou it elkenien te dwaan en betink yn sa'n sitewaasje wat betters. Wy wienen beide ek wat út ús dwaan. Omke wat mear as ik, mar it wie op 't lêst syn heit, wylst ik as in De Jong ta de oantroude nei-team behear.

Sa't al sein waard, is omke lykwols in sakeman dy't syn emoasjes by einbeslút wol baas wurdt. As jo alle dagen yn it beton en de bakstien omslane dan wurdt jo soks wol eigen.

Jan Huitema soe de âldman dan mar yn 'e keuken nûgje, sa waard ôfpraat.

'Sis mar dat der kunde fan him is,' sei omke. 'En nim in buorrel foar my mei, dat hie 'k de frou ek al frege, in âlden-ien.'

Doe ferskikten wy de stuollen, stutsen in nije sigaret op en wachten ôf.

Earst kaam frou Huitema, dy't foar har man yn it kafee waarnommen hie, mei in flesse jenever en twa romers.

'Sa, no kin myn man wol wer foar bliuwe, tink?'

Wy hienen der neat op tsjin.

De doar gyng iepen en de âldman stapte oer de drompel. Jan Huitema stie achter him en sei: 'Hjir sitte de mannen,' en hy die de doar achter him ticht. Wy seagen in lyts en smel mantsje en wat my daliks opfoel dat wienen syn eagen dy't in bytsje skean nei ûnderen stienen, krekt lykas by omke Japik. Omke en ik hienen it der net oer hân, mar ik betocht dat er likernôch fiifensantich wêze moast. En dêr seach er net nei út. Hy siet rûch yn 't burd, hy wie smûsterich en hy seach wurch ta, mar syn postuer hie wat feardichs. Wat de klaaiing oangiet, foel er o sa op. Hy hie in soarte fan blaukile oan mei krekt sa'n kleur broek, feal en ronfelich en glêd fan de smoargens. Hy hie in apart soarte alpinomûtse op. De

útmeunstering kaam my bekend foar en even letter wist ik it. Sokke klean droegen de arbeiders op it Frânske plattelân. Ik seach ek de brune kistjes oan syn fuotten en de dûnkerreade sokken. It koe net misse.

Frou Huitema seach it oan.

‘Ik gean mar even nei foaren,’ sei se doe. ‘As jim earne ferlet fan ha, rop dan mar om ’e doar.’

It joech ferromming, mar der feroare fierders net folle om. Dat it bleau in moai hoart stil.

‘Soa, dus jo binne Sytse Cavalier,’ sei omke op ’t lêst.

Pake seach ús op en del oan en sei kalm: ‘De kastlein sei dat jim kunde oan my hienen.’

Hy helle in stoel ûnder de keukenstafel wei en gyng sitten.

‘Mar dêr binne jim te jeugdich foar.’

‘Ik bin Japik,’ sei omke ynienen.

Hy naam de flesse dy’t frou Huitema achterlitten hie en geat himsels yn.

Pake seach him skerp oan, mei de eagen heal ticht en de holle fansiden.

‘Och hearken, is hy Japik.’

Hy sei net: bisto Japik, hy sei: is hy Japik. Ik ha dat goed ûntholden.

‘En wa is hy?’

Hy knikte myn kant oer. Omke smiet syn buorrel yn ien kear achteroer.

‘Net sa hastich, baas,’ sei pake.

‘Ik bin jo pakesizzer, Jehannes fan Durkje.’

‘Durkje, dat wie ús lêste,’ sei pake mimerjend. ‘Is it goed mei jim mem?’

‘Sa goed as wat.’

‘Wa is se mei troud? Ken ik dy persoan?’

‘Mei Hindrik de Jong. Heit komt fan Drachten, mar se wenje al jierren yn Dokkum. Jo sille ús heit wol net kend ha, nee, dat kin net iens, hy is mar in jier âlder as ús mem,’ betocht ik. Omke geat him noch ris yn en smiet ek dy buorrel yn ien kear achteroer.

Pake seach it oan en sei: ‘Dat is ferkeard, heite, safolle drank tagelyk.’

Hoe’t it ek útpakke mocht, de nijkeap yn ’e famylje soe ús net mei it probleem fan de dranksucht belêstigje.

Foar it oare wie it in brike sitewaasje dêr’t omke en ik goed ferlegen mei wienen. Mar pake sa’t it like net yn it minst. Hy siet dêr as hied er ús alle dagen om him hinne.

‘Mei ik de fesse even, omke?’ frege ik, want ik begûn ek út te sjen nei in slokje. Mar ik preau der hoeden fan, want pake syn ûndersykjende eachjes wienen op my rjochte. Ik fielde my as in skoaljonge dy’t wit dat er ferkeard docht en it dochs net litte kin.

‘Jo ek ien?’ frege ik pake.

‘Wat jildt sa’n slokje?’

‘Wat sei?’ woe omke witte, want it Frysk is him net sa botte eigen mear. Te lang yn Ljouwert ferkeard, moatte jo rekkenje.

‘Hy freget wat in slokje op ’t heden kostet,’ fertaalde ik even.

‘Gûne of sa, miskien ek wol ienfyftich.’

Pake prakkesearre derop om.

‘Dat is tweintich stuurren op syn minst, tink?’

En doe’t ik it befêstige hie: ‘Kin gjin kant út. Yn ús tiid hienen jo dêr hast in mingel foar, in dikkop wie twa stuurren en in slokje hienen jo foar in botsen.’

Neffens my hoegde pake doe net mear te bewizen dat er ús

pake wie. As hearde ik ús mem praten, it hoegde net oars. Mem hat it ek noait oars as oer botsens, stuorren en skellings en hja is boppedat o sa deun.

‘Gjin slokje?’ frege ik pake. ‘Jo krije him fansels fan ús.’

‘Nee, ik wol no gjin drank ha.’

Omke hie yntusken de tredde ta him nommen, opnij ûnder kritysk tafersjoch fan pake.

‘It mei him barre, sjoch ik wol, mar dêr is ’t net goed mei.’

Mar it die omke wol goed, it wize praat fan pake hat him fansels ek nitele.

‘Hear ris even...’

It stike, foar heit wie ’t him nei alle gedachten noch te gau.

‘Hear ris even, baas, jo komme ús fansels nuver oer ’t mad, dat begripe jo wol. En der binne in pear fraachpunten, mar dat kin letter wol bepraat wurde. Wy moatte no earst witte wat jo wolle. Binne jo hjir trouwens allang?’

‘En wêr komme jo wei en hoe binne jo hjir kommen?’ die ik der frijmoedich by.

‘Mei it spoar,’ sei pake.

‘Mei de trein,’ fertaalde ik foar omke.

Tinkend oan pake syn útris lei it my by dat er al dy jierren yn it bûtelân ferkeard hie en dat dêrom syn Frysk út de lapekoer fan Gabe Skroar kaam.

‘En wêr komme jo dan no mei it spoar wei?’

‘Ik bin geandefoet nei it spoar reizge. Dat hie ek mei de autobus kind, mar ik hie de tiid oan mysels en sa’n autobus is djoer. No, en mei it spoar is ’t mar in sucht, hin. Yn ien nacht wie ’k yn Amsterdam.’

‘Komme jo út Frankryk wei, pake?’

‘Jawis, wat oars?’

Omke seach my nuveraardich oan, hy is wat minder bereizge as ik.

‘Hat er yn Frankryk taholden?’

‘Dat soe ’k sizze en ik tink dat er dêr al dy jierren west hat, wier of net?’

‘Jawis, wat oars?’

‘No ja, dat wisten wy fansels net.’

Pake sei: ‘Sa’t ik sei, yn ien nacht wie ’k oer. Och heden, dan ha ’k der yndertiid al langer oer dien. Ik leau dat ik doe wol in fearnsjier ûnderweis west ha. It spoar wie der al, mar dat wie fierstente djoer. Dat it gyng almeast kuijendeweis en dan ûnderweis wat fertsjinje fansels. Hearken, wat is der in bulte feroare. Hjir ek, hear. Der leit in dyk dwars troch de Sudersee hinne. Hoe’t se dat oprêden ha... Mar hy leit der, ik ha der seis oeren oer dien.’

‘Wat sei?’

‘Ja, it hie fansels justjes gauwer kind, mar ik ha it my oan tiid dien. Ik ha ûnderweis gauris even op ’e dyk lins nommen. Ik tink dat it yn fiif oeren ek wol te dwaan is.’

Omke seach my mei grutte eagen oan.

‘Begrypsto der wat fan?’

‘Ik tink dat er fan Amsterdam ôf hjirhinne rûn is, oer de Ofslútdyk.’

‘Ofslútdyk, krekt, sa neame se dy daam,’ sei pake.

‘Binne jo fan Amsterdam nei de Tynje ta rûn?’

‘Net yn ien kear. Ik ha ûnderweis twa kear by in boer yn ’t hea slept.’

Omke Japik sei potferdomme en naam syn fyfde âlde kleare derút. Neffens my is dat likernôch it tredde part fan wat se yn de oannimmerswrâld tille kinne om heul thús te kommen.

Wy koenen alsa noch even foarút.

Frou Huitema kaam deryn.

‘Ik moat in pear gehakballen ha,’ sei se ûntskuldigjend. ‘It is hast slutingstiid en dan ha de mannen ferlet fan in flaubyt. Mar jim dogge it jim mar oan tiid, hear.’

Dat wie moai, al wisten wy net krekt wat wy ús oan tiid dwaan moasten. Neffens my moasten der lykwols in pear dingen regele wurde, dêrom naam ik it mar fan omke oer.

‘Wy wisten net dat jo noch bestienen,’ sei ik, ‘dat dit ferrieket ús. Omke Japik is de iennichste dy’t it heucht dat jo der wienen, mar hy wie fansels noch mar in jonkje. Om koart te kriemen, wa leveret ús it wettige en oertsjûgjende bewiis dat jo Sytse Cavalier binne?’

‘Sa is dat,’ gnoarre omke goedkarrend, mar krekt lykas ik hied er fansels allang foar it ferstân dat it de echte wie.

Pake seach my net begripend oan.

‘It is in nuvere wrâld,’ sei ik. ‘Wy moatte gewoan wissichheid ha dat jo Sytse Cavalier binne, de man dy’t...’

Hoe moatte jo soks formularje? De man dy’t ryklik fiifenfjirtich jier lyn ús beppe Gees mei fjouwer lytse bern sitte liet. Want sa is ’t fansels, dat feit kin er him net foarwei wine. Mar fierders witte wy neat, behalven dat beppe Gees grif net de noflikste frou west hat om mei te libjen. Mar de tiid wie derneffens en wa wit hoe’n swankebast dy pake fan ús wie. En hoe’t jo it ek wende en keare, it ferlitten fan frou en bern yn in tiid doe’t der noch net troch sosjale saken mei ret waard en dy frou en bern dus ta grutte earmoed ferfoelen, bliuwt in minne streek. Hawar, ik bleau deryn stykjen.

‘Hoe machtich binne jim thús?’ frege pake my.

‘Wy wienen mei ús trijen as bern, mar wy binne allegear de



doar út, troud en wol. En mem en heit wenje yn Dokkum.’  
‘Och stumper, wat dogge se dêr op dy neakene klaai? Ik ha der as jonge wol west te flaakslûken en te bitewjudzjen. In raar oarde en dy boeren binne hast allegear ferkeard.’

‘Dat is allegear feroare,’ sei ik.

‘Mem is twa jier lyn ferstoarn,’ sei omke ynienen en hoe’t er dêr no opkaam, wit ik net.

‘Ja,’ sei pake.

‘Wisten jo dat dan?’

‘Yn ’e hjerst fan 1973.’

‘Op 17 novimber,’ sei omke. ‘Hat Huitema jo dat ferteld?’

‘De datum wit ik net krekt mear, mar Gees hat doe by my west.’

Omke grypte de flesse.

‘Wat woenen jo sizze?’ frege er gleon wylst er de flesse boppe de romer hold.

‘De nacht dat Gees weirekke, hat hju my dat kundige,’ sei pake.

‘Potferdomme,’ sei omke en hy hompte de fjouwerkante flesse mei in klap op ’e tafel.

‘Do brûkst tefolle drank, heite,’ sei pake kalm.

Omke Japik stie al neist de stoel.

‘Do âlde doerak,’ rôp er, ‘silsto hjir de boel ferneuke... Us mem, ferdomme, ús mem hat har útsloofd om ús troch de tiid te krijen en do, ferdomme, do bist der útpykt, do hast har mei de bringst sitte litten en no silst my hjir de wet stelle...’

Hy koe de rjochte wurden net fine en begûn te hymjen. Aldergeloks kaam frou Huitema deryn dy’t sei dat it bûten-doar te hearren wie en yn elk gefal yn de foarein dêr’t de

lêste klanten mei niget sieten te harkjen. En hja soe kofje foar ús sette en in pear gehakballen waarm meitsje.

Omke liet him op 'e stoel sakje en bedimme him. Pake seach fernuvere fan de iene nei de oare, doe frege er frou Huitema:

‘Ha jim buorkerij, frou?’

‘Wy buorkerij, hoe dat sa?’

‘Ha jim net in blokje hea yn it achterhûs stean dêr’t ik be-nachtsje kin? Jim sille dochs wol in geit of skiep ha.’

‘Nee hear, wy ha gjin fee.’

‘Dan moat ik earne oars om my hinne sjen. It is myld waar, ik tink dat de boeren it earste hea al yn 'e bult ha. Dat earste hea slept noflik.’

Och hearken, tocht ik, hy mient dat de boeren ein juny be-gjinne te haaien. Goed fjirtich jier lyn wie dat fansels ek sa, dan begûn de ûngetiid.

Omke Japik hie it net foar it ferstân.

‘Wêr sille wy mei him hinne?’

Ik hie myn gedachten deroer gean litten. Omke Meine wie it tichtste by en hy hie in grut hûs.

‘Jo kinne miskien wol by Meine útfanhúzje,’ stelde ik foar.

‘Sil ik him even belje?’

Pake hie it oars yn 'e holle, ik leau dat er net iens heard hie wat ik sei.

‘Wat tiid fan de dei ha wy, frou?’ frege er frou Huitema.

‘It is al oer tolven.’

‘Dan sil ik my deljaan.’

Hy gyng oerein.

‘Wêr sil dit hinne?’ woe omke Japik witte.

‘De lea befalt my, ik wol yn 'e rêst.’

‘Mar wêre dan?’

‘Sa’t ik sei, it is myld waar, hjir en dêr leit wol in steal hea. En it is myn tiid, ik wie fan ’e moarn by ’t tsjuster al op paad en wegen.’

‘Mar jo hoege net yn ’t hea te sliepen,’ sei ik. ‘Wy woenen jo nei Meine ta bringe.’

‘Nee, ik wol hjir bliuwe en moarn ris om my hinne sjen. Dat soe hjoed al, mar it is der net fan kommen. Ik ha hjir ek te lang sitten. Dat wie it doel net, mar dat lange ein rinnen siet my yn ’e lea.’

Omke Japik seach my oan en frou Huitema sette gehakballen op ’e tafel.

De skille fan de kafeedoar gyng en wy hearden it lûd fan omke Meine. Huitema stjoerde him daliks troch, omke Meine kaam troch de doar en sei: ‘Ik hearde fan Gryt...’

Doe seach er pake dy’t fansiden stapt wie.

‘Dit is Meine,’ stelde ik foar.

Pake skôge him en sei: ‘Hy hat him goed ûntjûn, it stiet my by dat er yndertiid in behindich baaske wie, suver wat te lyts. Mar dat is aardich bylutsen. En hy wennet op ’e Gerdyk, ha ’k heard.’

‘Ja,’ sei Meine ferstuivere.

‘Miskien kom ik moarn of sa even del, mar ik moat no earst yn ’e rêst.’

‘Hy wol sliepe, mar hy hat gjin ûnderdak,’ sei omke Japik.

Pake die in stap nei de tafel ta en it like derop dat him ynienen wat yn ’t sin kaam.

‘Binne jim hjir allegear om my kommen?’

‘Wat tochten jo dan?’ sei omke Japik koart.

Pake hie der gjin begryp foar.

‘Stumper noch ta, dat hie net hoegd, ik hie út mysels wol

kaam te dachsizzen. Wat besielet jim en kom hjir allegear op ôf?’

‘No moat it ferdomme net mâlder,’ rôp omke Japik en hy soe wer oerein.

‘Ho even...’

Dat wie omke Meine.

‘Ik kom krekt fan Ljouwert en Gryt sei...’

‘Jawis, dat witte wy al,’ sei omke Japik.

‘Mar hoe sit it dan, Japik, is hy...’

‘Dêr liket it wol op.’

Wat dogge wy hjir eins, tocht ik. Hy hat net om ús frege en hy hat blykber ek gjin ferlet fan ús.

Huitema kaam deryn.

‘Sa, ik ha de lêste klanten derút. Nearne om, mar ik moat aans al slute, oars ha ’k de plysje om ’e doar.’

‘As der noch wat bepraat wurde moat, sille wy dat dan mar by ús thús dwaan?’ stelde omke Meine foar.

In praktyske oplossing, mar pake sei dat er yn ’e rêst woe.

‘Jawis, mar dat kin by ús ek wol.’

‘Kinne jim my bêdzje?’

‘Wat sei?’

‘Oft er by jim sliepe kin,’ fertaalde ik.

Noait earder hie myn AFUK-diploma safolle fertuten dien as dizze jûn.

‘Jawis, wy ha wol in sliepkeamer oer.’

‘Dat is moai,’ sei pake. ‘In bêd is wol ris noflik, it is al wer even lyn dat ik op in bêd lein ha.’

Ik tocht oan de skytskjinne muoike Gryt dy’t aans dat smûsterige mantsje oer de flier krige. Pake joech in soere lucht ôf fan âld swit en fan klean dy’t lang net wosken wienen. En de

tearen en groeden yn syn hannen en gesicht wienen swart fan de smoargens.

Wy rekken der nei wat hinne en wer praten út, nei't wy frou Huitema fan de gehakballen ferlost hienen. Pake bearde wakker fan dy gehakballen. Wy krigen elk ien, mar doe't der ien lizzen bleau, krige pake dy ek noch. Ik seach dat er al syn toskken noch hie. Brún en hjir en dêr knap swart, mar se stienen teplak en hy koe der goed mei bite. Hy fage mei de rjochter wiisfinger de lêste fleiskrommen út 'e panne en slikke de finger ôf. In slokje hied er net ha wold, mar hy liet omke Japik al de útsmiter en de kofje betelje.

Pake kaam by omke Meine yn 'e auto en omke Japik en ik folgen yn de Citroën ID.

Omke Japik sei: 'Eins hoege wy der net by te wêzen, lit Meine en Gryt der earst mar mei rêde. Moarn hearre wy gau genôch hoe't it gien is.'

Dat doe binne wy mar nei hûs ta gien.